

© MMV Juresta Card b.f. h.ú.d.n. Juresta legalmanagement
Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze betinksten mei of fermanningfâldige wurde, opsein yn in automatyskearre ynljochtingenbestân of iepenber makke wurde, yn hokker foarm of op hokker oare wize, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de rjochthawwende, y.k. Juresta International Holding b.f.

artikel 1: definysjes

Yn dizze kontraktbetinksten wurdt ferstien ûnder:

Juresta: de besletten fennoatskip mei beheinde oanspraaklikens Juresta Card b.f. h.ú.d.n. Juresta legalmanagement en/ of har folmacht.

members: alle cliïnten/ kontraktanten fan Juresta

card-oerienkomst: de oerienkomst dy't troch ûnderskriuwing fan de advokatenoerienkomst Nederlân tusken Juresta en de members ta stân kaam is en folslein regearre wurdt troch de oanhelle betinksten. De rintiïd fan de oerienkomst is 1 jier. De oerienkomst wurdt hieltijd stilswijend foar deselde perioade ferlinge.

card-advokaat: de advokaat dy't foar de member rjochthelp ferlient tsjin de tusken de member en Juresta ôfsprutsen en yn dizze betinksten fêststelde tariven.

Juresta-card: de lidmaatskipskaart dy't oan de hâlder dêrfan rjocht jout om rjochthelp by de card-advokaten, ek op fertoan wêr fan by card-sponsors ûnderskiidlike fasiliteiten en koartingen krigen wurdt.

card-sponsor: it bedriuw wêrby de members, op fertoan fan de Juresta-card koartingen en oare fasiliteiten krije kinne.

artikel 2: tapaslikens

- dizze betinksten binne fan tapassing op eltse card-oerienkomst, sletten tusken Juresta en de member;
- oare betinksten meitsje allinnich diel út fan de tusken Juresta en de member sletten card-oerienkomst, as en foar safier beide partijen soks útdruklik skriftlik oerien kaam binne;
- it mooglik net fan tapassing wêzen fan in (diel fan in) omskriuwing fan dizze betinksten lit de tapaslikens fan de oare omskriuwing ûnbehindere.

artikel 3: rintiïd fan de card-oerienkomst

De card-oerienkomst hat in rintiïd fan 1 jier. It jier rint fan 1 jannewaris oant en mei 31 desimber fan itselde jier. De oerienkomst wurdt behâldens de betinksten, hieltijd stilswijend ferlinge mei 1 jier. Oan de member wurdt, nei it slúten fan in card-oerienkomst, in eksklusive op namme stelde Juresta-card ta beskikking jûn. Dizze Juresta-card is jildich yn it jier dat de oerienkomst sletten is en, behâldens it stopjen fan de oerienkomst, de twa dêrop folgjende kalinderjierren.

artikel 4: wizigen en/ of oanfollingen

Fan dizze betinksten kin nea ôfwykt wurde. Yn it gefal dat dizze betinksten wizigje, sille de wizigingen troch Juresta úterlik 15 oktober fan it te rinnen kontraktjier skriftlik oan de member kenber makke wurde en wurde de wizigingen en/ of oanfollingen yn it dêrop folgjende nije (kalinder) jier jildich. As de member it mei de trochfierde wizigingen en/ of oanfollingen net lykfine kin, komt oan de member it rjocht ta de card-oerienkomst foar 1 novimber (dus úterlik 31 oktober) fan it jier wêryn de wiziging oankundige is, konform it fêststelde yn artikel 5 fan dizze betinksten op te sizzen oant 1 jannewaris fan it dêrop folgjende jier. Oant 1 jannewaris ta jilde yn elts gefal de oerienkomsten betinksten. As der gjin wizigingen en/ of oanfollingen trochfierd wurde, kriget de member gjin berjocht en jilde de besteande betinksten foar it nei kommende jier.

artikel 5: einjgen fan de card-oerienkomst

De card-oerienkomst einiget:

- op de lêste dei fan it rinnende kalinderjier (de ferfaldatum), wannear't de member úterlik 2 moanne foar it ferstriken fan it kalinderjier, en dêrom úterlik op 31 oktober fan dat jier, yn in oan Juresta rjochte oantekene skriuwen opsein hat;
- op de lêste dei fan it rinnende kalinderjier (de ferfaldatum), wannear't Juresta úterlik 2 moanne foar it ferstriken fan it kalinderjier, en dêrom úterlik op 31 oktober fan dat jier, yn in oan de member rjochte oantekene skriuwen opsein hat;
- saken troch de member yn behanneling jûn, dy't op it momint fan de yn 5.1 en 5.2 beskreaune beëiniging noch net, (folslein) ôfhannele binne, wurde behannele op grûn fan it oeretaryf dat jildt foar it oanbelangjende kalinderjier oant úterlik 31 desimber fan dat jier. Nei dy tiid ferfalt it rjocht op de Juresta-card tariven en fasiliteiten en sil de (eardere) member sels soarch drage moatte foar it trochsetten fan de behanneling fan syn saak. Juresta sil rinnende autorisaasjes op 31 desimber fan dat jier beëinigje/ ynlûke.

artikel 6: ferplichtingen fan Juresta

Juresta ferplichtet him der soarch foar te dragen dat sy genôch dielnimmende card-advokaten ynseakelje kin, om sadwaande profesjonele rjochthelp troch card-advokaten te garandearjen, ûnbehindere it fêststelde yn artikel 11 fan dizze betinksten. De rjochthelp dy't troch de card-advokaten ferlient wurdt giet allinnich Nederlânsk rjocht oan. Juresta soarget der foar dat de card-advokaat hielendal oerienkomstich dizze betinksten deklareart.

artikel 7: ferplichtingen fan de card-advokaat

It is de card-advokaat sein mei de tariven fan dizze card-oerienkomst te wurkjen. De card-advokaat konformear him, by de behanneling fan saken foar de member, oan de meast aktuele (gedrachs) regels en oarderings, lykas fêststeld troch de Nederlânske Oarde fan Advokaten.

artikel 8: ferplichtingen fan de member

- de member is ferplichte goed om te gean mei de Juresta-card;
- by ferlies of dieverij fan de Juresta-card is de member ferplichte soks fuortdaliks by Juresta oan te jaan;
- oanjetfe fan ferlies of dieverij bart tillefoanysk, mei de faks of e-mail by Juresta, wêrnei de oanjetfe skriftlik, en wol - opwurkarden - binnen 24 oeren nei de oanjetfe en fersjoen fan in blokkearingskoade, troch Juresta oan de member befêstige wurdt. It faks ferstjoerbewiis of it ûntfangsbewiis fan de e-mail jildt as foldwaande bewiis foar it krijen fan dizze befêstiging;
- de member is ferantwurdlik foar al it gebrûk fan de Juresta-card (en dêrby ek nei ferlies en dieverij) oant op it stuit dat de member de by 8.3 bedoelde skriftlike befêstiging krigen hat. De member is dêrby ek ferplichte om de mei it gebrûk fan de Juresta-card geande kosten - oant op it stuit fan ûntfangst en/ of ferstjoeren fan de skriftlike befêstiging of e-mail - folslein te beteljen;
- wannear't de Juresta-card troch in famyljelid of wurknimmer foar privee-omstannichheden brûkt wurdt, jilde de betellingskondysjes, lykas û.o. yn de artikels 12 13 fan dizze betinksten fêstlein is, ûnfermindere. De member is ferplichte him ek yn dy gefallen oan de betellingsferplichtingen te hâlden.

artikel 9: gebrûksrjochten fan de Juresta-card foar de member

It is de member tastien de Juresta-card te brûken yn de neikommende gefallen:

- foar de member;
- foar de bestjoerder(s) fan de member en syn neiste famyljeleden (lês: gesinsleden), mar allinnich oangeande privee-oangelegenheden mei in net saakklik karakter;
- foar de wurknimmers fan de member, mar allinnich oangeande privee-oangelegenheden mei in net saakklik karakter.

artikel 10: wurkwise by de kar fan de card-advokaat

- de member nimt tillefoanysk kontakt op mei de ôfdieling autorisaasje/ administraasje fan Juresta;
- de member fertelt de meiwurker fan Juresta yn it koart syn/ har swirrichheden;
- de meiwurker fan Juresta beoardielt dêrmei it mooglik winske rjochtsjespjalisme;
- de meiwurker fan Juresta ferwiist de member nei de card-advokaat en jout de dêrby needsaaklike adressen en tillefoannûmers;
- de member nimt tillefoanysk kontakt op mei de card-advokaat foar it meitsjen fan in ôfspraak;
- de card-advokaat sil daliks by it yntakepetear oan de hân fan de Juresta-card fan de member dy't dit oanbelanget in autorisaasje, foar de behanneling fan de saak, by Juresta oanfreegje;
- Juresta hat altyd it rjocht om de oanfrege autorisaasje te wegerjen, as oan ien te jaan en/ of oan in autorisaasje dy't jûn is neiere betinksten te ferbinen.

artikel 11: útsûndering

De Juresta-card jout gjin dekking as it om ynkasso's giet. Ynkasso's wurde net troch de card-advokaat behannele, om't dizze net ûnder de dekking fan de card-oerienkomst falle. Under ynkasso's wurdt ferstien: it ynkassearjen fan foarderings op grûn fan faktueren en neikommen fan perioadyke finansjele ferplichtingen nei oanlieding fan tiidoerienkomsten.

artikel 12: priizen

- de member betellet jiers oan Juresta it abonnemintsjild fan € 177,00 ekskl. btw. Dêr kriget de member in op namme sette Juresta-card foar, dy't rjocht jout op rjochthelp fia oansletten card-advokaten tsjin de yn dizze betinksten neamde tariven;
- it honorarium de oere/ it oeretaryf fan de card-advokaten, wêr Juresta in gearwurkingsferbân mei hat, is fêststeld op: € 125,00 yn'e oere ekskl. btw en ekskl. (ûn) belêste ferskotten;
- yn it gefal fan driuwende saken (w.o. koart pleit prosedueres en of mei faasje lizzen fan konservatoar beslach) wurdt troch de card-advokaten in taryf berekkene fan: € 155,00 yn'e oere ekskl. btw en ekskl. belêste en ûnbelêste ferskotten;
- by in saak dy't yn behanneling jûn is, dy't in belang fan mear as € 250.000,00 fertsjintwurdige, wurdt troch de card-advokaten in oanpast oeretaryf hantearre. Foar dy gefallen jildt it neifolgjende trapsgewize oersjoch;
belang fan de saak: oeretaryf: (ekskl. btw)
fan € 250.000,00 ôf € 155,00
fan € 400.000,00 ôf € 175,00
fan € 550.000,00 ôf € 195,00
fan € 850.000,00 ôf € 215,00
- de algemiene kosten fan de praktyk fan de card-advokaten binne by it honorarium yn begrepen, mei útsûndering fan de kosten dy't foar de card-advokaat min te spesifisearjen binne, lykas de kosten foar porty, telefaks, e-mail en kopieën, wêrfoar de card-advokaat in fêst persintaasje fan op syn meast 6 % fan it honorarium yn rekken bringe mei;
- foar it up-to-date hâlden fan alle relevante kontrakt- en/ of bedriuwsgewogens fan de member sil Juresta twa kear yn it jier in check-up, al of net fia it Nederlânske Hannelsregister, útfiere. Foar de dêrmei geande ynterne en eksterne kosten sil Juresta de member € 20,00 ekskl. btw it kear berekkene. De check-ups wurde yn'e regel yn july en desimber fan elts jier útfierd;
- Juresta bringt 4 % administraasje- en kantoarkosten oan de member yn rekken, te berekkenjen oer de totaalbedragen fan

- de (foarskot) deklaraasje fan de card-advokaat;
- de member ferlient trochinnende machtiging oan Juresta om út alle betinksten fan de card-oerienkomst en/ of nei oanlieding fan de troch de card-advokaat ferliende rjochthelp makke kosten troch automatyske ynkasso fan syn/ har bank- of girorekken ôf te skriuwen;
- Juresta is altyd rjochtich om de oan de card-advokaat betelber te stellen honoraria en neier te spesifisearjen belêste of ûnbelêste ferskotten, lykas: gifykosten, prokureurskosten, doarwarderskosten, arbiterssalarissen, tsjûgentakses, saakkundigensalarissen, as oare net ûnder it oeretaryf fallende kosten, lykas reis- en ferbliuwskosten, yn it foar oan de member yn rekken te bringen.

artikel 13: faktuerering en finansjele ôfhanneling wurk card-advokaat

- de card-advokaat deklareart ûnder referinsje fan it oanbelangjende autorisaasjenûmer, oan Juresta;
- Juresta ferwurket, kontroleart en betellet de deklaraasjes fan de card-advokaat;
- Juresta bringt it bedrach fan de deklaraasje fan de card-advokaat (wannear't dêr om frege wurdt mei in spesifikaasje) fermeerdere mei 4 % administraasje-/ kantoarkosten en de dêroer berekkene btw, oan member yn rekkening;
- it ferskuldige faktuerbedrach sil faktuerd wurde ûnder lyktidige automatyske ôfboeking fan de bank- en/ of girorekkening fan de member. Alle faktueren moatte binnen 8 dagen betelle wurde;
- as automatyske ynkasso fan bank- en/ of girorekkening fan de member net mear mooglik blykt, of yn gefal fan werom boeking, wurdt de member dêr fan daliks op'e hichte brocht en wurdt de Juresta-card blokkearre. De card-advokaat sil syn/ har wurk begjinne of trochsette op it stuit dat de member de faktueren oan Juresta foldien hat;
- de member wurdt, as Juresta sûnder resultaat besocht hat it ferskuldige bedrach fan de bank- of girorekkening fan de member te ynkassearjen, yn'e gelegenheid stelt om de faktuer binnen 5 wurkdagen te foldwaan;
- mocht de member de foarskotdeklaraasje net binnen de yn 13.6 stelde termyn foldien ha, giet Juresta der fan út dat de member de saak net yn behanneling nimme litte wol by de card-advokaat. Juresta sil de member hjirfan skriftlik op de hichte bringe en de foarskotfaktuer kreditearje;
- yn gefal fan bankstorno sil de member hieltijd in bedrach fan € 7,94 (ekskl. btw) oan Juresta ferskuldige wêze;
- Juresta hat it rjocht har út de card-oerienkomst kommende ferplichtingen nei har kar gehiel of gedieltelek op te skowen oant de member oan de boppesteande betellingsferplichtingen foldien hat;
- Juresta hat it rjocht de card-oerienkomst fuortdaliks stop te setten, as de member him net oan de boppesteande betellingsferplichtingen hâldt;
- de member is by it te let beteljen fan de by 13.6 neamde termyn opkearrinte oan Juresta ferskuldige. Dizze opkearrinte wurdt fêststeld op 2 % de moanne kumulatyf te berekkenjen oer de iepensteande faktueren;
- de member is by de net-op-tiid betelle faktueren, fanwege de kosten dy't dêr by komme mei de bûtengerjochtlige ynkassowurkers, in bedrach gelyk oan 15 % fan de som fan it iepensteande faktuerbedrach (bedragen) en de ferskuldige opkearrinte, oan Juresta ferskuldige;
- de card-advokaat mei de ynhâldelike behanneling fan de saak opnimme nei dat Juresta de foarskotdeklaraasje oan de card-advokaat betelle hat. Dit ymplisear dat Juresta de deklaraasje fan de card-advokaat oan de member trochbelêstet konform de omskriuwing út dizze betinksten en nei automatyske ynkasso fan it ferskuldige bedrach earst de stornotermyn ôfwachtsje moat, ear't Juresta it bedrach fan de deklaraasje fan de card-advokaat betellet;
- by driuwende saken sil de member, om de yn acht te nimmen stornotermyn foar te kommen, yn gelegenheid stelt wurde it ferskuldige bedrach troch in haastopdracht of tillefoanyske oerboeking oan Juresta te beteljen;
- de ynhâldelike behanneling (troch de card-advokaat) fan de saak giet troch oant it maksimumbedrach fan de oan de card-advokaat betelle foarskotdeklaraasje ferbrûkt is. Wannear nedich bringt de card-advokaat in nije foarskotdeklaraasje yn rekken, wêrnei mei de ynhâldelike behanneling fierder gien wurde kin.

artikel 14: ôfdieling service & verkoop

By skeel tusken oan de iene kant de member en oan de oare kant Juresta en/ of in card-sponsor, kin in member altyd de ôfdieling service & verkoop ynseakelje. De ôfdieling service & verkoop sil by skeel tusken beide partijen bemiddelje.

artikel 15: oanspraaklikens Juresta

Eltse oanspraaklikens fan Juresta is útsletten. De Juresta-card is allinnich in koartingskaart mei in betellingsfasiliteit. De member sels is folslein ferantwurdlik foar in definitive kar fan de card-advokaat. Wannear't Juresta om hokker reden dan ek oanspraaklik is, dan sil de oanspraaklikheid altyd beheid wêze oant de jierfergoeding lykas neamt yn artikel 12.1.

artikel 16: tapaslik rjocht

Op de útfiering en de útlizzing fan de card-oerienkomst is allinnich it Nederlânske rjocht fan tapassing.

artikel 17: depot

De betinksten dy't ûnder hânen binne, binne by de Keamer fan Keaphannel yn Apeldoorn deponearre.